Provinsjale quick scan taalbehearsking Frysk yn Fryslân, 16-01-2007 (YB)

Deze informatie is niet aanwezig in het Nederlands ...

It kolleezje fan Deputearre Steaten lit mei it each op de tarieding fan de konsept-taalnota 'Better sichtber, mear fertroud' in quick scan útfiere ûnder 32.500 ynwenners om it brûken fan de Fryske taal yn de húshâldens te hifkjen. Dat ûndersyk moat op gemeentenivo mear ynsjoch jaan yn de behearsking fan de Fryske befolking oangeande de 4 basisfeardichheden Frysk (ferstean, lêzen, praten en skriuwen) en de taaloerdracht.

Op tiisdei 16 jannewaris stjoert Rotaform, in kommunikaasjeburo yn Lelystâd en betûft yn it hifkjen fan kommunikaasjeprosessen, de enkêtes it fjild yn. DS stribbet dernei dat per gemeente op syn minst 25% fan de enkêtes ynfolle wurdt om in deeglik byld te krijen fan de taalsituaasje per gemeente. De enkête dy't ferstjoerd wurdt, is oan dit parseberjocht taheakke.

Rotaform, hat fan DS de opdracht krigen om per gemeente oan it fêstelân 1200 enkêtes a-selekt oan de húshâldens te fersprieden. Mei-inoar giet it om 27 gemeenten mei in folsleine oplaach fan 32.500 enkêtes.

Yn de konsept-taalnota hat DS doelstellings behearsking Frysk útskreaun. Dêryn stiet dat:

- op syn minst 95% fan de Fryske befolking it Frysk ferstiet.
- op syn minst 70% fan de Fryske befolking it Frysk foldwaande oant hiel goed lêze kin.
- op syn minst 70% fan de Fryske befolking it Frysk ridlik oant hiel goed prate kin.
- op syn minst 50% fan de Fryske jongerein oant en mei 30 jier goed Frysk prate kin.
- op syn minst 20% fan de Fryske befolking it Frysk goed skriuwe kin.

By it tarieden fan de definitive taalnota wol DS derop ta mear op gemeentenivo taalbelied te stimulearjen, sadat wat de beliedsútstellen oanbelanget mear maatwurk levere wurde kin. De útkomsten fan de quick scan foarmje dêrfoar in goed útgongspunt.

Boppedat befoarderet de Provinsje mei de hjoeddeistige nota de gemeenten hieltyd mear om taalbelied te ûntwikkelen. Oant no ta hawwe 14 gemeenten in taaloardering Frysk yn it skriftlik ferkear oannommen. De Provinsje sil op grûn fan de gegevens fan de quick scan de gemeenten, dy't noch gjin oardering oannommen ha, stimulearje passend en juridysk taalbelied op priemmen te setten.

As lêste foarmje de útkomsten fan de quick scan in gaadlike opstap foar it takomstich wittenskiplike taalûndersyk 'Taal yn Fryslân diel III' fan de Fryske Akademy. Yn 1995 is foar it lêst dat taalûndersyk útfierd.

Downloads

- **bijlage pb 009 vragenlijst taalûndersyk frysk.doc**
- **bijlage pb 009 vragenlijst nederlands definitief.doc**